

## Ald Nazareth

### De Bewenners

Dit wenstee leit krekt op de râne fan de Feanpolder, oan de Alde Heidenskipsterfeart, ek wol de Graverij neamd.

Yn 2016 is dizze pleats oankocht troch Fouke en Gerjo de Vries. De bewenster, Hotske Buma-Haanstra, is dy simmer nei Koudum ferhuze.

De pleats waard tydlik ferhied en yn novimber 2017 binne Fouke en Gerjo hjir hinne gien te wenjen. Jolmer woe earst syn hûs ferkeapje foardat er nei de pleats gie. Oer in betonreed, oanlein mei de ruilferkaveling, komme wy by Heidenskipsterdyk 67, hjir wennen Tseard Buma (1938-2014) en Hotske Haanstra (1940). Flak foar de pleats dûkt it lân yn ien kear nei ûnderen, wy binne dan yn de Feanpolder. De Bokfeart foarmet de skieding tusken it hege en it lege lân.



*De pleats fan Tseard en Hotske Buma yn 2007*

De Buma's wennen deun njonken harren buorlju fan nûmer 69. Earst stiene hjir trije pleatsen by inoar, mar yn 1947 is de tredde pleats ôfbrutsen. De pleats fan Tseard en Hotske stiet it tichtste by de bûtenfeart. As jonkje fan tsien jier is Tseard Buma hjir mei syn famylje kommen. Syn heit en mem, George (Cor) Buma en Liskje Sinnema wiene dêrfoar boer yn Ealahuzen. Arjen Finnema, de feint fan Age Feenstra, hat harren mei de lytse motorboat ferfearn.

De earste oantinkens fan Tseard Buma oan It Heidenskip wiene net sa bêst. Hy fûn it hjir mar in stil, wiet en ferlitten oarde. Boppedat wie der noch gjin elektrysk en wetterlieding. De paden en diken wiene ek al min. Om op de Heidenskipsterdyk te kommen moasten se sa'n 200 m. oer in smel drekkich en dêrtroch faak glysterich paadsje op de polderdyk.

Njonkelytsen begûn Tseard it goede fan It Heidenskip te sjen en te wurdearjen en woe er hjir net wer wei.

Syn heit naam him wolris mei yn de roeiboat nei de Aant-Lieuwespoel. Sa by de kant lâns dobberjend liet er de jonge Tseard de ferskate fûgelkonserten hearre. Tegearre giene se ek wol gauris te aaisykjen. Soms waard der jûns yn 'e maitiid wol earder molken want dan koene se nei melken noch moai "in loopke" dwaan.

De legere skoaltiid hat Tseard yn It Heidenskip ôfmakke en dêrnei gie er nei de lânbouskoalle yn Warkum.

Om thús hielendal mei oan it wurk te gean koe net want dêrfoar wie de pleats te lyts. Der wie sa'n 25 pm. lân by de pleats en mear as tweintich kij waarden der net molken.

Op it miel molk Tseard Buma in soad by oare boeren. Sa hat er skoften molken by Hielke van der Gaast.

Yn 1962 is Tseard troud mei Hotske Haanstra, in buorfamke. It jonge pear is doe yn it arbeidershûs fan Wiersma en van der Gaast kommen te wenjen, dêr ha se acht jier wenne.

Trije bern ha se dêr krigen, yn 1963 Liesbeth, yn 1965 George (Cor) en Hendrik yn 1967. Yn dy tiid wie Tseard oerdei ek in soad thús oan it wurk, want syn heit hie maachkanker. Yn 1970 is er stoarn en doe binne Tseard en Hotske op de pleats kommen. It jier dêrop is harren dochter Liskje berne, as iennichste op 'e pleats.

De pleats wie net grut mar troch tûk te buorkjen siet der dochs in goed bestean yn. Om yn de tachtiger jierren fia de

ruilferkaveling wat út te wreidzjen is net rjocht slagge. Der is 8 pm lân by kommen. Mei 30 kij op 33 pm. siet Buma op syn top. Troch de hege feebesetting wie it al mei al wol bewurklik wat it fuorjen, mjuksjen en melken oangiet.

Doe't Tseard goed fyftich wie krige er lêst fan de knibbels. "Slytage" sei de dokter, "it is better dat jo ophâlde mei buorkjen". Dat kaam hurd oan, doe hat Hotske noch in skoftke mei molken mar ek sy krige problemen mei har sûnens. Doe ha se it beslút nommen om ôfskied fan de kij te nimmen en it kwotum te ferkeapjen, dat wie yn 1991.



*Efterkant fan de pleats yn 2007*

Dat hat in dreech skoft west foar beide mar lokkich gie it doe mei harren sûnens wer better.

De beide soannen fan Tseard en Hotske kamen yn dy tiid by leanbedriuw Dijkstra yn Koudum te wurkjen en dêr hiene se it aardich nei it sin. Cor Buma wie al útfierder wurden omdat Peter Dijkstra it kalmer oan dwaan moast.

Yn 2001 nimme Cor en Hendrik Buma it leanbedriuw fan Peter Dijkstra oer. It wie de bedoeling dat se har domisylje by Tseard Buma foar hûs op de pôle krije soene. It slagge net om de nedige fergunningen te krijen.

Buorfrou Froukje Wiersma biedt dan har lege lisboksstâl oan. Sa is dêr yn 2002 it leanbedriuw fan de Gebr. Buma opsetten. Tseard Buma die dêr noch wolris wat lytse karweikes. As it hiel drok wie soargen

Tseard en Hotske derfoar dat it personeel waarm iten krige. Dat brochten se dan mei de auto rûn, krekt wêr't "de mannen" oan it wurk wiene.

### **De pleats**

De bewenners miene dat de pleats yn de tweintiger jierren setten is. It kreative boujier witte se net. Op in helpkaart fan it kadaster is te sjen dat der yn 1911 in bûthús mei in berch boud is. Neffens it befolkingsregister komme hjir yn 1926 Durk Baarda en Ceële Struikmans te wenjen. Dat binne de earste bewenners op dit nûmer, want doe is it hûs boud neist it bûthúske en de berch.

Der is in foto fan de grutte mole fan de feanpolder út 1907, op de eftergrûn sjogge wy twa pleatsen mar net dy fan Tseard en Hotske Buma.

Op in foto fan in oantal jierren letter, sjogge wy dat dêr op itselde plak, no trije pleatsen stean. De pleats fan Buma is dan noch in soarte fan berch. In heaberch mei in bûthús oan de sydkanten. De foar- en efterkant fan it dak binne rjocht, tichtmakke mei swart tarre planken.

Yn 1926 is de berch mei it bûthúske in bytsje fertimmere en is der in nij wenhûs neist kommen. Hjoed-de-dei hat de pleats noch oan ien side, in rjochte houten (foar)kant dat by in berchspultsje heart. Dêr't eartiids acht kij stiene, koene nei de ferbouwing yn 1948, sechtsjin kij op de lange rigel stean. Yn it lyts bûthús en de skuorre koene noch wat rierren, it jongfee en in hynder stean.

It hea koe troch in lûk (op souderhichte) oan de foarkant, yn de golle brocht wurde mar it koe ek troch de skuordoar.

Oan de bûtenkant fan de pleats is nei de ferdûbeling net folle mear feroare. De âlde reade Hollânske pannen oan de westkant ha plak makke foar metalen dakplaten yn "panmotyf".

Fan binnen is der genôch feroare, sa koene der yn it lêst doe't Tseard Buma noch buorke hast tritich kij stean. De bisten stiene doe rûnom en yn de golle.

De pake- en beppesizzers boarten letter op de lege stâlen yn it bûthús. Yn de golle

waard in grutte romte makke dêr't se sitte koenen mei jierdeis of oare gelegenheden as it hûs te lyts wie.

### Skiednis

De fraach is, hoe is dizze pleats ûntstien? It moat hast wat te krijen ha mei syn neistlizzer dy't nei de oarloch ôfbrutsen is. Dizze âld pleats hat stien op de romte tusken Buma en de Alde Heidenskipsterfeart. Lit dy romte sa'n 25 meter wêze, dan is dúdlik dat de pleatsen hast tsjin inoar oan stiene.

De lêste bewenners fan de âld pleats wiene Jouke Kampen en Johanna de Vries. Sy ha hjir buorke fan 1932 -1940. Doe't se yn maaie 1940 ferfearen nei in pleats by Wikel, moasten der wite flaggen op de motorboat omdat se oars kâns rûnen om besketten te wurden

Kampen molk hjir 12 kij en der hearde 7 ha. lân by. De eigener wie Johannes Feenstra, dy hat de pleats yn 1939 ferkocht oan Doeke Buma (de buorman).

De gebouwen wiene skjinn tenein en dêrom is de pleats fan doe ôf ek net mear bewenne. Doeke Buma hat de pleats noch wol in tal jierren brûkt as stâlromte.

Foar de famylje Kampen hierde Jolle Siebes v.d. Wal de pleats, dat wie yn 1928.

It wiene minne tiden, dat jo hiene ek net folle kar. Fan moarns betiid oant jûns let moast der bealge wurde. Krap lân by de pleats betsjutte de kij lang op stâl hâlde en stâlfuorje om gers út te sparjen en dat allegearre mei de hân.

Jolle v.d. Wal neamde de pleats "Ald Nazareth": der skynt earne yn de Bibel te stean "*Kan er iets goeds uit Nazareth komen*".

De pleats wie doe al in rottekleaster. It bûthús wie ferskriklik plat en it dak hong hielendal troch en it lekte. De daksgoate siet sa leech, dy koene je sûnder ljedder skjinn meitsje.

Gerrit Grasman en Maaïke Stegenga ha fan 1923 oant 1928 op de pleats wenne, neist boer wie er ek moolner.

Yn 1814 stie dizze pleats hjir al en de bewenners wiene Jentje Jurre Blanksma en Akke Sints Muller (berte Jurjen \*1812). Earst wie it allinne in moolnershúske, yn 1809 stiet it foar de earste kear yn it Specieboek. Eigener wie R.J. Muntz en de bewenner wie Klaas Harmens.


Yn 1828 wie de pleats fan Douwe Jelgers Bouma (1767-1854) út Snits. Hy wie in keapman dy't yn It Heidenskip fjouwer pleatsen yn syn besit hie: 1 de Koaipleats, 2 de pleats op de Bakkerspôle, tegearre 115 ha. 3 Marswâl, de pleats oan de Fluezen by Groenhof (50 ha) en 4 de Ane Liewespleats (53 ha) letter sate Linqenda. Ut de lêste is dizze pleats by de grutte mole, Ald Nazareth ûntstien. Fierders hie dy grutgrûnbesitter noch ferskate losse stikken lân yn It Heidenskip. Jan Ulbes van Dijk in komelker fan 'e Hommerts keapet yn 1840 de pleats mei sa'n 17 ha. lân fan Alle L. Fortuin. Op de pôle neist de pleats wurdt yn 1849 noch in wenning boud foar syn soan Johannes. No wennet de famylje Pijst dêr.



*Trijehûs tusken 1926 en 1930*



In oare soan, Ulbe docht thús de buorkerij. Om 1860 hinne is de pleats diels fernijd. Ulbe hat lang frij feint west mar op syn 42<sup>ste</sup> trout er mei syn buorfrou en widdo Trijntje Belkom. Se wie earder troude mei Hendrik Westerman en hie al njoggen bern. Der komme noch twa famkes by; Jantje (1868) en Trijntje (1870). Neist it boer wêzen hat Ulbe J. van Dijk oan syn dea ta yn 1891, altiten moolner west op de grutte mole fan de Feanpolder. Syn winsk wie om begroeven te wurden yn in kiste makke fan âlde planken út de skroefbak fan ‘syn mole’.



Helpkaart fan 1892, doe't de bûtefeart ferlein is

De Alde Heidenskipsterfeart dy't ek wol de Graverijfeart neamd wurdt is yn 1892 ferlein. Fuort nei de pleats makke de feart in bocht nei binnen, sis mar wat no it hiem fan Pijst is.

Nei it ferstjerren fan Ulbe van Dijk bliuwt it spul al yn de famylje, dochter Trijntje, troude mei Steffen A. Elgersma, komt yn 1898 op 'e pleats. Dêrnei komt Metske A. Elgersma hjir, mar dy ferkeapet yn 1909 de pleats oan Otte A. Feenstra. Neffens it kadaster wie hy kapitein op in stoomboat en wenne doe yn Harns. Yn 1911 is neist de pleats in bûthús en berch boud, it siet der krekt net oan fêst.

De bern fan Feenstra fielden blykber net genôch foar de buorkerij dêrom wurdt de pleats yn 1923 ferkocht. Alles fljocht út inoar mar de âld pleats mei in pôle bliuwt oant 1940 wol fan Feenstra. De nije berch mei it bûthúske wurde ferkocht oan Pieter Struikmans en cons. Dat perseel kriget dan ek in nij kadasternûmer. Yn 1926 wurdt der in nij hûs tsjin de berch oanboud. De earste bewenners binne Durk Baarda en syn suster Ceël Struikmans.

Yn 1934 komme hjir te wenjen Doeke Buma en Marta Struikmans. It is skrabjen om de kop boppe wetter te hâlden, der is mar 3 ha lân by. Yn 1940 nimt Doeke Buma de âld pleats fan Feenstra oer. Yn 1948 nimt Cor Buma it oer fan syn broer dy't dan nei California giet. Ald Nazareth is yn 1947 ôfbrutsen en de berch mei it bûthús binne de helte grutter wurden.

De namme 'Trijehús' dy't fan de trije pleatsen komt dy't hjir stien ha, jildt dus feitlik foar sa'n tweintich jier: de tiid tusken 1926, nijbou fan it wenhús 'Buma' en 1947, de ôfbraak fan 'Ald Nazareth'.

### **Bewenners: “Ald Nazareth”**

Yn 1850 wyk G nr **97**, yn 1880 wyk G nr **163**, yn 1920 wyk G nr **281**

1809 : Klaas Harmens (moolner)

1812 : Jentje Blanksma en Akke Muller,

1816-1825: Leense A. Fortuin (1769-1831)

1825-1830: Johannes Rients Bouma (1802-1856)

1830-1831: Pier Piers Broersma (1808-1870)

1831-1835: Douwe Hendrikus Alkema (1790-1847)

1835-1839: Ruurd Uilkes Brouwer (1802-1846)

1839-1849: Jan Ulbes v. Dijk (1790-1860) en Janke Gabes de Hoop (1794-1849)

1849-1891: Ulbe Jans v. Dijk (1826-1891) Hommerts, yn 1868 trouw mei Trijntje Belkom (1826-1900) Avehorn,

1891-1895: Widdo U.J. v. Dijk, earder trouw mei Hendrik Westerman (1815-1865), soan Anne Westerman \*1856

1895-1898: Sjoerd Yntema (1839-1915) en Jeltje Feenstra (1843-1918)

1898-1907: Steffen Annes Elgersma (1869-1935) en Trijntje van Dijk (1870-1949)

1907-1909: Metske Annes Elgersma (1876-1931) en Jetske Wijnia (1883-1959)

1909-1923: Otte Ages Feenstra (1869-1936) Nijegea en Hitje Kuipers (1869-1938) Wolsum

1923-1928: Gerrit Grasman en Maaïke Stegenga

1928-1932: Jolle Siebes v.d. Wal en Jacoba Terpstra

1932-1940: Jouke J. Kampen en Johanna de Vries Pleats grut 7.01.70 ha. eigener Joh Feenstra stalling 12 kij

1940: noch in pear jier brûkt troch Doeke Buma en dêrnei ôfbrutsen in pear jier letter.

### **Bewenners: Heidenskipsterdyk 67**

1926-1929: Durk Baarda en Ceël Struikmans,

1929-1930: Bokke Haanstra en Lolkje Plantinga,

1930-1934: Pieter Struikmans en Doutzen Piersma,

1934-1948: Doeke Buma en Martha Struikmans,

1948-1970: George (Cor) Buma en Liskje Sinnema,

1970-2016: Tseard Buma (1938-2014) en Hotske Haanstra.

2017-no : Fouke de Vries en Gerjo Abma

### **Boarnen:**

Besite oan Tseard en Hotske Buma op 18 maaie 2007

Gemeente Nijefurd, Befolkingsregisters, Huis- en woonregisters. Kadaster



*Trijntje Belkom (1826-1900) bewenster  
Ald Nazareth fan 1868-1900*



*Helpkaartsje 1926, it nije hûs stiet der krekt op*